

Jan Timmer, in nij-ljochter

troch Reinder J. Politiek

Jan Johannes Timmer libbe fan 1859 - 1923. Hy wie boer yn Kimswert op Heemstra-State. Dizze man hat in soad ynfloed hân op it buorkjen fan de boeren út syn tiid. Net allinne yn ús doarp, mar ek fier dêr bûten. As wy wat oer dizze man fertelle wolle, dan moatte wy earst 130 jier tebek yn de tiid.



Jan Johannes Timmer 1859 - 1923

Foar 1880 wie de Fryske boerestân reedlik wolsteld, sis mar in grut part wie smoarryk. As jo âlde foto's út dy tiid sjogge fan sokke famyljes, dan kinne jo sjen dat men mei de rykdom te keap rûn. De froulju hiene brede gouden earizers op de holle, dy't wer fersierd wiene mei prachtich bewurke gouden spjelden. Yn dy spjelden sieten djoere fonkelstiennen. De klean wiene der neffens. De manlju spilen yn dit stik fan saken ek net swak by. Oer harren bûk hong in swier gouden horloaz-jekeatling. Ek it boerereau, sa as de sjees en koets, koene meidwaan. It hie der fan oft it net op koe. De boeren waarden sliepende ryk, mar dat hat harren goed ferrifele. Se wiene echt yn 'e sliep fallen en seagen net wat oer ús lânsgrinzen barde. De Fryske boeren wiene der fan oertsjoege dat se de bêste boeren wiene en dy posysje wie ûnoantaastber en sa libben se ek. Hiene se net it bêste fee? Amerikanen kochten foar grou jild ús bêste kij, as wiene it broadsjes. Mei ús bûter wie it itselde. De Fryske bûter waard op de bûtermerk yn Londen yn de watten lein. De priis wie der neffens. Doe't yn 1877 de priis fan de bûter al wat heakke, hie men better op syn tellen passe moatten. De boeren wiene

lykwols arrogant wurden en lieten dy signalen oan harren foarby gean. De boeren lieten elts jier mear wurk oer oan harren arbeiders. De boerinnen, fan âlds dejingen dy't de soarch foar de rjemme en it bûtermeitsjen hiene, lieten ek dingen sloere. Wie de wearde fan de boerin net like heech as de kwaliteit fan har bûter? As it ris in kear foar kaam dat it bûtermeitsjen mislearre, dan fielde sa'n boerin har yn har eare oantaast.

Look op it dak

Ek it byleauwen spile yn dy tiid, op de eftergrûn, noch in grutte rol. Mislearre it bûtermeitsjen in pear kear efterelkoar, dan spile de duvel dêr in grutte rol yn. Op it dak fan de molkenkelder lei dan ek faak in stikje look. Sa'n plant joech beskerming. As it op it slimst wie, koe de duvelbanner ek noch ynroppen wurde. Alles byelkoar opteld hold yn dat de druk op de prizen grutter waard. Yn dy snuorje setten de Deenske boeren alles op alles om harren bûter op in heger peil te bringen. Dat slagge ek, sadat se in wichtige konkurrint waarden op de Londense bûtermerk. De Denen wiene folle hygiënysker begongen te wurk-

jen. Se brûkten allinne mar kâld en skjin wetter en kuollen de molke daliks nei it melken. Yn Fryslân himmelen de boeren harren molkark noch bûten-doar mei wetter út de grêft. Ek it pomp-



swetter wie soms brún fan ûngerjochtichheden. Al mei al, wy kamen efterop te rinnen. Yn dy tiid begongen de bûterkeaplju op grutte skaal te knoeien mei de bûter. Se mongen margarine mar ek skieppesmoar troch de bûter. Ut de haven fan Harns gong soms de helte mear bûter dan as der yn Fryslân pro-

dusearre waard. De prizen fan ús bûter sakken net mar kelderen.

In ûngelok komt nea allinne, de grutste slach moast noch komme en dy kaam út Amearika. Yn dat ûnbidich grutte lân wie de meganisaasje yn koarte tiid op gong kommen. De grutte graanfjilden waarden masinaal rispe. It ferfier wie folle flugger wurden. Op it lân kamen grutte stoomtreinen, dy't de produkten yn koarte tiid nei de havens transportearren. Dêr leine grutte stoomboaten klear om it graan nei Europa te ferferien. Us merken waarden oerspield.

It rûn út op in totale krisis. De boeren wiene yn koarte tiid alhielendal ferselein. Yn it rampjier (1672) waard der sein: "radeloos, redeloos en reddeloos", no sa wie it hjir ek. Yn 1880 wie de boerestân telider slein.

It hat in pear jier duorre foardat de boeren dy't totaal yn 'e sûs leine, wer in bytsje wekker waarden en wer wat striidber. Fan alles waard betocht om ús produkten wer op in kwalitatyf heger peil te bringen. Dat help neat, ús efterstân wie op alle mêd te grut.

Jan Timmer, doe noch in jonge keardel, hie dit barren goed besjoen en seach al hiel gau dat der gâns wat oars barre moast. It roer moast radikaal om en dat is him slagge.

Yn dy tiid kaam de molke, nei it melken, yn grutte platte koperen aarden yn de molkenkelder te stean. Nei ferrin fan tiid (+12 oeren) kaam it fet, de rjemme, boppe driuwen.

Op dat stuit moast it fan de molke ôfskept wurde en kaam it yn in tonne. Nei in pear dagen, it wie dan al wat soer wurden, waard dy rjemme yn de tsjerne (karn) dien en koene jo bûter meitsje.

Dat wie de taak fan de boerinne mei de faam. Yn de skuorre rûn dan in hynder foar de tsjermole, krekt salang dat de rjemme bûter wie. Dit proses naam nochal wat tiid yn beslach. De baktearjen hiene dan de kâns om harren slach te slaan. As de kwaliteit fan de rjemme net optimaal wie, dan wie de kwaliteit fan de bûter dêr neffens.

Jogchem van der Wal

Yn Wytmarsum wenne yn dy tiid in tige fernuftige boer Jogchem van der Wal, in swager fan Jan Timmer. Dy boer wie al langere tiid oan it pielen om in manier út te finen om rjemme op in hiel oare wize út de molke te heljen. Hy lies alles oer nije útfiningen en meganika. Sa kaam hy der efter dat mei in sintrifúzje soks wolris slagje koe. It slagge him ek om sa'n apparaat te meitsjen dat oandreaun waard troch in hynder. Dit wie it aai fan Columbus. In oare swager fan Jan Timmer, Egbertus Jan Westra, ek in swager fan Jogchem van der Wal, wie ek sa'n techneut. Hy liet troch de timmerman fuorten'daliks in grut hok bouwe en sette dêr ek sa'n sintrifúzje yn. De rjemme dy't op dizze wize út de molke kaam wie fan in útsûnderlik hege kwaliteit en de bûter ek. Dy beide boeren wiene op de goede wei. Jan Timmer kaam doe mei it idee: kinne wy net in rjemmeskieder keapje mei in man as fiif, dan wie soks folle foardieler. Jo koene dêr dan in betúfte man by sette dy't dit wurk



dwaan koe. Timmer soe Timmer net wêze om dochs noch mei in hiel oar útstel te kommen. Hy riddenearre sa: As jo de rjemme út de molke ha en jo kinne dan op datselde plak dêr ek noch bûter meitsje, dan slane jo twa miggen yn ien klap. Yn Snits wurke al in lyts fabrykje op partikuliere basis mei in stoommasine as krêftbron. Soks wie Timmer syn stribjen ek mar dan koöperatyf. Hy sette syn plannen op papier en gong dêrmei op stap nei syn kollega-boeren. Syn earste opset wie om in fabryk te bouwen op de

Achlumer hoeke, tusken Arum en Kimswert. Hy hat alle boeren fan Achlum, Arum, Penjum en Kimswert besocht. Yn Achlum kaam hy foar de winige doar. Net ien boer wie yn syn tinken al sa fier as Timmer. De boeren wiene sels anti. Arum wie wol wat fierder yn it tinken, krekt as Penjum, mar it slagge Timmer net om ien boer oer de streek te heljen. Allinne yn Kimswert wiene noch fiif oare boeren entúsjust. It grutte plan hie gjin inkele kâns. As dat doe slagge wie, dan hie hjoeddedei noch in grutte suvelfabryk tusken Arum en Kimswert stien. Mar helaas!

Wêrom woene de boeren net?

Der wiene twa partijen: boeren en boerinnen. Soms woe de boer wol mei Timmer yn see, mar dan lei de boerinne dwers. Oarsom kaam ek foar. Hûndertweintich jier ferlyn buorke elke boer noch tige tradisjoneel. Syn pake, syn oerpake, ja wol fiifhûndert jier lang wie der neat feroare. Wat soe sa'n snoeshoanne út Kimswert? In protte boeren wiene tige deun en woene net ien sint ferspylje oan sa'n

healwiis plan, mar de boerinne woe faak ek har wurk as bûtermakster net kwyt. Soks kaam har eare tenei. Net ien soe dochs better bûter meitsje kinne as sy? Ek wiene der boerinnen dy't bang wiene dat as it bûtermeitsjen fan de pleats rekke sy harren gesach kwyt rekken, harren status soe dan ûnder druk komme. Ek wiene der boeren dy't bang wiene dat as de boerinne

gjin bûter mear meitsje soe, sy mear tiid frij krige foar oare dingen (bûter meitsjen wie swier en dreech wurk, dat in soad tiid yn beslach naam). Se seine dan: no krije wy fette froulju en meagere bargaen. No dat koe net in kant út. De boeren wiene noch lang net sa fier en dan is it fjochtsjen tsjin de duvel. Alle enerzjy, dy't Timmer der yn stuts, like om 'e nocht.

Timmer hat doe besluten: yn Kimswert sille wy in fabryk delsette, al is it mar in lytsen ien. It sil slagje.

De hynders fan dûmny

Op dat stuit krige hy ynienen tsjinwurking út in nuvere hoeke. Us dûmny, Frans Liefinck, in frjemde man mar wol ien mei grutte kwaliteiten, begûn der yn om te reagen. Dizze man wie twadde keamerlid en miende dat hy oer de ynset fan Timmer ek wat melde moast.

Op in grutte jiergearkomste yn Frjentsjer sei hy: *"Als een boer zijn melk naar een fabriek gaat brengen, dan is een boer geen boer meer. Hij behoeft dan niet meer te denken en zich niet meer in te spannen hoe hij zijn zuivelprodukten kan verbeteren. Hij brengt alleen zijn melk nog naar de fabriek en laat roosje verder maar zorgen"*.


Dit wie in rare tsjinlach foar Timmer. Hie hy net meiholpen om dizze dûmny nei Kimswert te heljen? En no dit! Dizze dûmny wie in rare stúthaspele mar wie wol in grut reedner. Wie ek noch in grutte keardel mei in stem as in bear. Sadwaande koe hy mannich tsjinstanner oerdonderje. It wie in tige wiis en grutsk man, dêrneist ek noch jaloersk. Hy ried ivich yn in prachtige koets mei twa wite hynders derfoar. Us boargemaster, ek in wiis en jaloersk man, hie minder jild te besteegjen en ried sadwaande mei ien hynder foar de koets. Beide mannen mochten op syn tiid ek wol in fikse borrel en hiene dan ek gauris wurden. Op in kear kamen se elkoar tsjin op 'e dyk. De boargemaster liet syn koetsier stil hâlde en stapte út foar ús dûmny. Hy die syn hege hoed ôf en dûmny draaide de doar fan syn koets iepen en sei de boargemaster de tiid fan de dei. Soks die de boargemaster him net oan tiid mar sei wat fluensk en falsk: "Dûmny, ik kin der eigentlik net by dat jo ivich mei twa wite hynders foar de koets troch ús gea ride. It is ien en al lúkse. Jo grutte foargonger, Jezus, ried inkeld mar op in ezel". Dêr koe dûmny it mei dwaan. Mar dizze man siet nea om wurden ferlegen en andere net minder falsk: "Waarde vriend, ik heb jarenlang om een ezel gezocht, mar nergens een kunnen vinden. Ze hebben ze allemaal burgemeester gemaakt". Dizze dûmny trof syn master ek wolris thús. Yn syn praat wie hy wreed en ûnbesnoeid. Syn heechmoed wie grut. Sa fleach dizze grutte brede man mei in soad bombarje by de treppen op yn de Twadde Keamer. Op dat stuit kaam wat foarsichtich it keamerlid Trafalgino, in wat behindich keardeltsje, nei ûnderen.

Dizze man moast frij paad meitsje foar Liefinck en sadwaande rôp dy nei boppen: "Ga op zij of ik steek je in mijn zak". It lytse mantsje makke him doe ek breed en sei tige bretaal foar syn dwaan: "Dat moet je doen, dan heb je meer verstand in je zak dan in je kop en zeg dat ook maar tegen je vrouw".

Nei it trelit mei Timmer hat dûmny Liefinck hjir net lang mear stien. Timmer liet dy man doe dúdlik blike dat hy mar in oare gemeente sykje moast mei allinne domme boeren.

Hoogterp. De oare leden waarden plakferfangend K.T. Westra, G. de Vries en W. Anema. De masinist waard Sjouke Brunia, de boekhâlder Roelof Kroon, de bûtermakker Halbe Rinsma. Der wiene fyftich kandidaten; oft se allegaare wol bûter meitsje koene wie in grutte fraach.

Op 8 juny 1888 waard it fabryk opstart. Ut de fiere omkriten wiene boeren nei Kimswert setten om mei eigen eagen te sjen wat dêr barre soe. In grutte Nederlânske flage stie heech boppe op it gebou; it wie feest. Om twa oere sette



It bûterfabryk. Lofst wie ek de sintrale ûnderbrocht. De ôfbylding komt út it fotoboekje: "Kimswert en syn moudekrûpers" (R.J. Politiek 1979 / v.d. Eems, Easterein)

It opstarten fan it fabryk

As Timmer wat oppakte dan gong hy net oer ien nacht iis. Hy makke in deugdlik plan, finansjeel mar ek organisatoarysk. Fan de Nutsspaarbank fan Arum koe de koöperaasje f. 9.000,— liene ûnder it betingst dat alle leden oanspraaklik wiene as it op werombeteljen oankaam. De bank woe ek de garânsje dat de hiele fabryk mei alle masines yn har besit kaam as it mis gong. De timmerskuorre fan Otto van der Weide waard kocht foar f. 2.850,—, de fertimmering ta fabryk koste f. 2.136,—. Fan de fa. H.H. Sepp en Co. waarden de masines kocht foar f. 2.625,—. Fierders noch wat omballingen, sadat de úteinlike kosten op f. 9.480,49 kamen. De earste gearkomste wie op 11-2-1888 op de boppeseal fan Willem Unia. It earste bestjoer bestie út Jan Timmer, foarsitter, Egb. Westra, skriuwer en de ponghâlder waard W.

direkteur Jan Timmer de masines yn it wurk en om fjouwer oere wie alles beslikke. In pear mannen en wat masines hiene de molke ferwurke. Oars wie soks in húdfol wurk, foaral foar de froulju wie it elke dei wer swier. De gasten hiene har de eagen út de holle sjoen, mei oare wurden: in grut merakel. Foarsitter Timmer hold in grutte feestrede mei ûnder oaren de folgjende wurden: *"Denemarken heeft de roem van de Friese boter overvleugeld, maar ook Duitsland en Frankrijk, ja zelfs Italië. Velen geven de schuld aan de kunstboterfabrikanten (margarine), die hunne waar voor zuivere natuurboter aan de man trachten te brengen. Velen hebben de treurige moed om de schuld te werpen op de boter bereidende boerinnen, die in vele opzichten slaaf van hun vak zijn en in verreweg de meeste gevallen eerder te beklagen dan te beschuldigen zijn, dat velen de schuld willen werpen op de domheid en vadsigheid der zuivelbereidende"*

boerenstand. Velen geven de schuld aan de bemesting der landerijen. De van oudsher bekende vette Friese weiden, op sommige plaatsen wel wat al te vet, hebben geleid tot een zuivere fijne boterproductie maar meer nog is het de oude en de verouderde bereiding die van alles het meest de schuld draagt. Tal van uitvindingen hebben de laatste jaren plaats gehad, op elk gebied en overal zijn ze van toepassing gebracht. Afstanden, vroeger in dagen, worden thans in zoveel uren afgelegd, maar wat is gelijk gebleven? De bereiding der Friese boter. Stilstand is achteruitgang. Heden 8 Juni wordt onze fabriek in werking gesteld. Met genoegen kunnen we terugzien op talrijke bijeenkomsten, die steeds van onderlinge welwillendheid hebben getuigd. Ik breng allen hiervoor dank en eindig met de wens dat onze fabriek mag bloeien en dat de verdere bijeenkomsten zich steeds door gezellige toon en aangename kout, als tot nu toe, mogen kenmerken".


Nei ôfrin om fjouwer oere sette elk op loazjemint Unia ta, dêr't de jûn noch genoeglik trochbrocht waard. Kimswert stie foargoed op de lânkaart.

It fabryk draaide noch mar ien jier, doe kaam Timmer mei nije plannen. It op koöperative basis ynkeapjen fan feekoeken. Se fregen ferskate fabrikanten om yn te skriuwen. Se moasten priisopjefte jaan fan lynkeoeken. De kiste 104 stiks mei 30% aaiwyt en minimaal 10% fet. De op-bringst fan de molke wie it earste jier 4.073 sint, it twadde jier 4,4 sint de liter. Yn 1891 hie Timmer wer in nij idee. Se kochten in poerbêste stamboekbolle Caesar. De leden koene allegearre fergees dizze bolle brûke, sadat de kwaliteit fan de feebeslaggen opkrikt wurde koe. Sûnder dat se der erch yn hiene, wie dit de earste fokferiening fan ús lân. In unyk barren, se wiene de tiid wer foarút.

It jier 1893 wie in rampjier. De ûngetiid wie op neat útdraaid. Alle dagen reinwetter, sadat it fee de kommende winter gjin fretten fan goede kwaliteit krije koe. De boeren woene de measte kij ferkeapje, sadat Timmer de priis foar de wintermolke opskroefde. It fabryk moast al draaie en sûnder molke soe dat net slagje.

Guano

Yn 1894 wer in primeur. De leden kochten yn de mande keunstdong,



Yn dit part fan 'e bûterfabryk wie de elektryske sintrale fan 1910. Dit wie de twadde sintrale fan Fryslân. In jier letter folge Makkum.

11.000 kg. Guano. As jo soks yn ien-fâldige wurden opskriuwe, moatte wy ús wol realisearje, dat soks yn dy tiid ûnder dy omstannichheden in hiele stap wie. In boer hie ommers ieuwen lang syn eigen baas west. Krityk kriegen se dan ek genôch, mar it wie wol de oanset fan de grutte koöperaasjes, sa as wy dy no kenne. Dat espeltsje boeren hat de skiednis, sûnder dat se harren der bewust fan wiene, wol deeglik beynfloede, mar dan wol yn positive sin.

Yn 1895 wie der in grut trelit. It fabryk krige in ynspekteur op besite, de hear Loben-Sols. Dizze man moast der op tasjen dat de wet op 'vrouwen- en kinderarbeid' wol goed tapast waard. Wat ûntduts dy man? De frou fan de bûtermakker help mei by it skjinmeitsjen. No dat koe gjin kant út. Yn Wytmarsum wie yn 1894 in brigade maresjesees delstrutsen om de rebelske reade Friezen yn de stokken te hâlden (Yn Den Haach wie it regear



De maresjeseekazerne by Harkesyl, boud yn 1894. Lofts de hynstestallen.

benaud wurden, de revolúsje koe yn 'De lytse Bouhoeke' wolris it begjin wurde fan in ûnwisse tiid en dat moast yn de kym smoard wurde). Dizze maresjesees waarden op befel

fan dy ynspekteur nei de Kimswerter bûterfabryk stjoerd. In wachtmeester kaam op in moarn ûnferwachts yn it fabryk en seach de frou fan de bûtermakker. Hy koe mar ien ding dwaan: in proses of de frou út it fabryk. It bestjoer hat it net op in rjochtsaak oankomme litten. Dat jier krijt it bestjoer in fersyk: de "tolgaarder" fan it Tolhek hat in grutte hûnekarre kocht. No wol hy graach de molkrider wurde. Dêr is it bestjoer net yn stapt.

Yn 1895 komt Timmer ta de ûntdekking dat ien of mear leden mei de molke knoeie. Hy nimt fan alle leden en oare leveransiers in meunster molke en giet dêrmei nei Ljouwert. Yn dizze stêd is it laboratoarium fan de heer Mesdag, de suvel-konsulint. No docht bliken dat ien fan de leden ferkearde molke leveret. Dizze boer hat alle kij droechsette moatten. Net ien woe syn molke mear ha. It oare jier kaam dy boer mei it fersyk oft hy ek wer leverje koe. Timmer wie dêr poer op tsjin, mar de gearkomste hie begrutsjen mei de frou fan dy boer, dy soe der dan ûndertoch gean. Se hie net safolle ynhâld. Se soene it noch ien kear prebearje my dizze boer; mar der mocht nea wer in klacht komme oer syn molke.

Yn 1895 wurdt Jan Timmer útnoege op in gearkomste dy't hy net organisearre hat. Yn earste ynstânsje is hy dêr raar oer rekke. Wat binne de oare bestjoersleden fan doel, it soe wol net safolle goeds ynhâlde. Nei in lange rede fan de twadde foarsitter docht bliken: - uit waardering voor zijn inzet - skinke de oare bestjoersleden Timmer in skriuwburo fan it allerbêste nutenhout.

Timmer is op dat moment ferslein. Hy kin earst gjin wurden fine mar seit dan: "Dit heb ik van de beste mijner vrienden als bewijs van hoogachting en waardering ontvangen".

Meunsternimmer

It libben kabbele fierder, lykwols by Timmer net, hy siet alwer fol plannen. Earst kaam hy mei it foarstel: De molke moast útbetelle wurde neffens de hichte fan it fetgehalte. De iene boer hie no ien kear mear fet yn de molke as de oare en dat hie gâns yn-floed op de bûteropbringst. Yn 1899 wie it safier. Alle molke soe kontrolearre wurde op it fetgehalte en sa soe it ek útbetelle wurde. Yn Nederlân wie noch net ien fabryk sa fier. Timmer folge ek in kursus "meunsternimmer". Sa'n man mei meunsternimmer út molke. Timmer syn foarstel wie: fan alle kij nimme wy elke 14 dagen ien molke-meunster. Wy weagje dy dei de molke ek, dan witte wy op de ein fan it jier hoefolle kilo bûter sa'n beest dat jier produsearre hat. Alle leden wiene dêr ryp foar. As in boer stamboekkij hie, dan hie hy in goed oersjoch oer syn feestapel en koene jo fokke mei folle bettere gegevens. It hie dan ek mear doel en derby kaam ek noch: in stamboekko mei heech fet en goede molke wie djoer. Yn Fryslân wie dit wer in foarbyld.

Tbc-frije kij

Jan Timmer wie yn dy jierren al oan it eksperimintearjen yn in ûndersyksmetoade om in ko, dy't besmet wie mei tbc op te spoaren. In hûndert jier ferlyn wie tbc in slimme sykte. It wie de folkssykte nûmer ien. In soad bern en jonge minsken, dy't dy sykte krigen, sukkelen út. De wittenskip koe dêr gjin fet op krije. As in ko besmet wie mei tbc dan koe dat ek yn de molke sitte. In minske koe tbc krije troch it drinken fan molke dat net goed west hie. As jo no dy kij ris opspoare koene, dan wie dy skeakel útfallen.

Yn Ljouwert wenne de direkteur fan sû-nens (fan bisten) de hear dr. Veenbaas. Jan Timmer krige dy man safier om dit ris op te pakken. Nei in pear jier eksperimintearjen kamen de beide mannen der efter dat as jo in ko ynspuiten mei ferswakte tuberkuline dan reagearre in ko mei tbc dêr op. Op it plak dêr't de ynjesje plakfûn hie kaam dan in grouwe bult. Dat plak wie ivich ûnder de sturt. It moast earst wat stikem barre, dan seach in oar it net. Yn de earstfolgjende gearkomste kaam Timmer dan ek mei it foarstel:

Alle kij fan alle leden en leveransiers moatte ynspuite wurde om te kontrolearjen oft se al of net tbc hiene. No dêr fielde net elke boer foar. Want as in ko tbc hie moast dy ferkocht wurde. It fabryk woe net molke fan sa'n ko ûntfange. Timmer moast al syn diplomatieke jeften brûke. Elke boer moast apart benadere wurde, want soe it slagje, dan hie it fabryk in grutte troef yn hannen. Se koene dan bûter meitsje fan tbc-frije molke. Sokke bûter soe djoer ferkocht wurde kinne. Ek de folkssûnens krige in fikse oppepper. Twa slaggen yn ien klap. Timmer soe Timmer net wêze of dit moast him slagje. No dat barde ek. Dat jier wiene der boeren dy't raar skrokken: safolle kij hiene dizze sykte en moasten fuort. Op sa'n stuit waarden dizze boeren ek wat bang fan harren eigen kij, sadat se ek wol bliid wiene dat se no safier wiene. Sokke kij woene se dan ek wol kwyt. Nei de merk mei de brot. Se wiene net iens safolle goedkeaper, der wiene genôch

West Europa bekend wie wat hjir barde. Sikehuzen út Londen en ek út Suriname woene graach dizze bûter ha. Yn spesjale ferpakking gong de bûter dêr dan hinne. Yn 1950 wie Nederlân pas frij fan tbc-kij.

It nije ljocht

Timmer hie begjin 1900 wer hiel oare ideeën. Elektryske stroom of nij-ljocht. Hy hie lêzen dat jo mei in stoommasine stroom meitsje koene. Sa'n masine moast dan in generator oandraaie en sa'n apparaat wekte dan elektrisiteit op, enerzjy.

Jo koene it net sjen, mar jo koene der fan alles mei. Jo koene ljocht meitsje, dingen waarm meitsje, mar ek motors op rinne litte. It wie wol wat gefaarlik as jo oan in bleate stroomtried kamen, mar jo hiene gjin smoargens. De lampen brûnden doe noch op peteroalje en dat wie tige brângefaarlik. Alle jierren wie der wol in brân yn ús doarp



Rjochts Kafé Unia, no kafé "Greate Pier"

boeren dy't sokke kij noch wol ha woene.... tbc-frije kij ? fabelpraat!

Yn 1899 wie it safier... alle kij wiene frij fan "goartigens (= tbc) De flage koe út. Timmer hie wer in "staaltsje" sjen litten. Ut alle doarpen wei kamen moderne boeren del om ris te sjen wat him yn Kimsward ôfspile. De kranten skreaunen der oer, sadat it yn hiel

troch sa'n lampe.

Doe't it safier wie dat yn Kimsward in Elektryske Sintrale kaam, wie dat de stunt fan syn libben. Stroom wie yn Fryslân noch nearne. Yn Oosterwolde wie men al wat dwaande, mar dat wie dan ek alles. Bertus Westra kaam doe ek wer yn it spier; syn technysk fernuft

moast wer arbeidzje. It bestjoer wie dochs wol entûsjast wurden, dat it moast mar oangean. It moast op koöperative basis en elkenien moast stroom ha.

In firma út Rotterdam levere in ynstallaasje en Wieger van Eyk van Helsinga soe alles ynstallearje. No dat wie wat foar dy mannen. Soks hiene se noch nea by de ein hân. Yn it bûthús fan Timmer wie in demonstraasje, sadat elk sjen koe wat nij ljocht wie. Oeral kaam men wei, net allinnich út ús eigen doarp, nee út wide omkriten woene de minsken mei eigen eagen wolris sjen nei dat ljocht. Trije pitten hongen boppe de miel-gong yn it bûthús. Ut dy lampen kaam samar ljocht as jo in lyts knopke omdraaiden. Nea hie men sok helder ljocht sjoen, in wûnder. De kûgel wie troch de tsjerke. Yn alle strjitten kamen hege houten peallen mei isolatoaren en dêroan kamen koperen triedden. Net ien snapte dat dêr "stroom" troch gong, ûnfoarstelber.

Timmer hie in handige arbeider, Rintje Kuipers. Dizze man krige boeken mei nei hûs en moast dêr út leare hoe't alles oansluten wurde moast. Dat moast foar dy man in ûnmooglike opdracht west ha. It slagge lykwols al. Jan Timmer hie in pear jier tefoaren in auto kocht en dêr wie Rintje as sjouffeur op set. Winterdeis krige hy in bearefel om de lea want hy siet bûtenoer. Sadwaande hie Rintje it autorigen him eigen makke en hy soe him ek wol mei dat nije ljocht rêde. Ut it doarp wei waard de opposysje ek geandewei minder. Elk seach wol dat der ek foardielen oan it nije ljocht sieten, hewol't jo ivich minsken hâlde dy't tsjin heuch en meuch tsjinakselje. As Timmer wat yn de kop hie sette hy troch en hy hie wol safolle ûntsach dat elts der oan gelove moast. Alle huzen krigen in oansluting oft se ljocht brûke woene of net.

Yn 1903 hie hy itselde keunststik ek alris úthelle mei de Kimster boeren, sadat hy wist hoe't hy handelje moast. Al jierren lang kochten inkele boeren al feekoeken en keunstdong, mar hy woe dat yn it grut opsette. Súdwestlik fan de platte brêge stie yn de tweintichste ieu in âld slot. Dat waard yn 1898 ôfbrutsen, sadwaande kaam der in grutte lape grûn frij. Dat stik lân soe Timmer wol wat mei dwaan wolle. Op in jûn hat Timmer alle Kimster boeren útnoege op in gearkomste yn kafee Unia en harren dêr syn nije plannen

foarlein. Wiidweidich en mei in soad takt kaam hy mei in foarstel om in nije koöperaasje op te rjochtsjen op it mêd fan ynkeap fan keunstdong en feekoeken. Dêrnjonken moast dan ek in ark-koöperaasje ûntstean. Yn it koart kaam hy mei de folgjende útstellen:

- Op dat stik lân moast in grutte loads delsetten wurde. Yn dy loads moast in rejale opslach komme foar masines. In pear meanmasines mar ek siedmasines, sadat de boeren dit ark net hoegden oan te skaffen.
- In grutte terskmaschine en in swiere lokomobyl moasten der ek komme. Op dy wize koe it nôd (graan) dêr ek terske wurde. Doedestiids waard alle nôd noch mei de swingel yn de skuorre terske, dreech en swier wurk.
- Yn dat gebou moasten stâlen komme foar de hynders. Ek in grutte boks dêr't in poerbêste fryske hynst yn stean koe. As jo meielkoar in goede hynst hiene, no dan hiene jo wat te melden.



De rige huzen op it plak wer 't foarhinne "Bonga-State" stie. De slotsgrêft is der noch. Rjochts, heal op dizze foto, it gebou fan "de Vereniging". Hjir is pionierswurk dien op it gebiet fan fokkerij fan kij en hynders. Fierder wie it in ark- en reau koöperaasje mei in stoomlokomobyl en in terskmaschine. Yn 'e foargevel twa Makkumer tegelablo's, ien in hynder en de oare mei in ko.

- Ek in bêste stamboekbolle moast dêr ûnderdak krije. Se hiene de lêste jierren al in stamboekbolle. Dy stie dan op de tsjerkepleats en wie eigendom fan de leden fan it bûterfabryk. As alle boeren fan Kimswert no meielkoar ris sa'n bolle oanskaften, dan koene se in noch folle bettere fokbolle keapje.
- Yn de foarein fan it gebou soene in pear wenhuzen komme moatte foar it fêste persoaniel. Doe't Timmer úpraat wie stie de seal sa njonkelytsen fol sigarereek, want by

sok nuver praat fan sa'n lieder waard omraak smookt. It gong de measten fierstente fier. Sa'n grutte koöperaasje, soks wie net te oersjen, wat tocht dy Timmer wol. De measte boeren wiene yn dy tiid noch lytse keningen op harren eigen hiem. Mei in oar woene se neat te meitsjen ha, se koene har sels wol rêde.

Mar Timmer wie net ien om oan sok praat ta te jaan. Hy hold de boeren elke kear wer foar: yn de nije tiid, de tiid dy't op ús ôfkomt is in ienling neat, mar yn in gruttere groep kinne jo jo jilde litte.

De meganisaasje stie noch mar yn de bernskuon, foaral yn de lânbou, mar stie foar de doar. Wa't net meidwaan wol sil as boer ferdwine. Nei dizze gearkomste kamen der mear. Timmer krige elke kear mear grip op de boeren. Uteinlik slagge it him in fyftjintal boeren safier te krijen dat se in "ark- en reaukoöperaasje" op-rjochte ha. Yn dy tiid in unikum. Soks wie noch net earder fertoand. Mei faasje waarden doe plannen ûntwikkele en

útwurke. Earst waard de grûn kocht, in arsjitekt ynhiert en in timmerman oan it bouwen set.

Yn 1903 stie der in prachtich moai en modern bedriuw mei útstrieling. Yn de foargevel kaam in tegelablo mei in hynder en ien mei in ko.

Op de naald in prachtige wynwizer mei it jiertal 1903. Doe dat klear wie waarden de masines, de hynders, de hynst en de bolle oanskaft. Mar de grutste klapper wie dy grutte terskmaschine mei lokomobyl. Yn de foarein kamen de sjef fan it bedriuw te wenjen

fan it bedriuw te wenjen en de masinist. Foarhinne wie it dêr tige stil. De ynwenners fan it slot libben op harrensels, mar dat waard no oars. Foaral yn de simmer as it nôt mei weinen dêrhinne brocht waard. It wie in kommen en gean. Al dy skeaven waarden yn grutte skûnen (schelven) delset. Elke boer syn eigen. As alle graan der wie, begong it terskjen. Wat moat dat in grut spektakel west ha yn dy tiid. Soks hiene de minsken noch nea sjoen. It hat ek in kommen en gean west fan boeren om utens. Soks woene dy ek wolris mei eigen eagen sjen.

In lokomobyl koe men wol. De tram rûn troch de buorren en waard lutsen troch in lokomotyf, in logy. Sa'n masine waard troch stoom oandreaun. Mei Ingelske stienkoal waard wetter gleonhjit makke, sadat der stoom ûntstie. De stoom waard nei in druktsjettel fierd. As der druk genôch wie sette men in klep iepen en koe de masine syn wurk dwaan. Op himsels in tige yndrukwekkend gesicht. De masinist moast derfoar soargje dat it fjoer goed hjit bliuwde, mar dat frege safolle wetter dat stoom waard, dat dy man hie it ek fleanende drok om wetter oan te slepen. Dat die hy mei amers út de feart, dat wie ommers fergees. Wetterlieding wie der net, jo koene ek net oars.

De masinist krige troch syn wurk wol oansjen yn it doarp, mar hie it ôfgrysliek drok as de masine folop rûn. Hy hat wolris sein: "Ik ha de hiele Harzzerfeart wol yn de amers hân sa njonkelytsen". As de lokomobyl draaide, dan waard in grutte poely yn beweging set. Om de poely lei in snaar of riem dy't nei de terskmasine gong, ek nei in poely. As de riem dan yn beweging kaam, dan draaide ek de terskmasine. Dizze masine wie in frjemd monster, mei allerhande grutte en lytse poely's mei snaren. It lûd dat dy masine makke wie foar in frjemd eangstich foaral as de masine folop wurke. De nôtskeaven waarden mei in foarke op de masine goaid, dêr stie in man klear om dy op te fangen. Dy man hie in flymskerp mes om de bân, dy't om de skeaf siet, troch te snijen. Dan gong it pas yn de masine. It nôt fleach mei gang yn de silinder. Dêr waard it graan út de ieren slein. It strie gong dan nei efteren nei de strie-parse. In gefaarlike "hynstekop" sloech it strie mei geweld nei ûnderen yn de pers. As dy kop wer nei boppen gong fleach op dat stuit in swiere izeren slide nei foaren, dy't it strie stiif ynelkoar perste. Mei kramtried waard dat strie yn pakken bûn. In yngewikkeld barren,



De Greate Pier-Wei mei rjochts "Heemstra-State". Op dizze pleats wenne Jan J. Timmer en letter ir. G.J.A. (Kai) Bouma.

soks moatte jo sjoen ha om it te begripen.

Yn de terskmasine waard it graan oer in sou (zeef) brocht, sadat alles wat gjin graan wie der út gong: modder en stof, mar ek groffe stikjes sa as strie. Wylst dat barde fleach der in soad wyn troch, sadat alles wat lichter wie as de nôtkerlen nei boppen fleach. It stof fleach oeral hinne, mar it tsjef gong middels dikke buizen nei in spesjaal hok. Nei sa'n draaiende terskmasine kinne jo in lange tiid sjen sa ymponearjend is soks. Hege lûden, soms frjemd gûlend mar it krite ek faak. Trochdat der in protte snaren draaie, beweecht alles op en del, hinne en wer. Ja, soks moat jo sjoen ha.

It doarp rekke ûnder it stof as de wyn út de ferkearde hoeke kaam. Mar dat wie no ienkear sa. Dizze koöperaasje hat de leden in soad jild opbrocht. It naam gâns wurk út hannen, mar ek soargen. Mei de hynst binne de leden net sa gelokkich west. Mei de bolle wol. De Kimster boeren út dy tiid hiene kij fan in hege kwaliteit.

Nei de earste wrâldkriich kaam der in ein oan dizze koöperaasje. De leden waarden âlder en Timmer ek. Syn oerwicht taande wei, sadwaande wie de ynfloed dy't hy altyd hân hie útholle. It bûterfabryk hie mei itselde te krijen, mar ek de wrâldkriich 1914-1918 hie net sûnder gefolgen west. De bûter krige ekstra wearde, trochdat it in

heechwaardich eksportartikel wie, foaral nei Ingelân.

Yn 1914 bliuwde ús lân neutraal, mei oare wurden: de Dútsers lieten ús lân links lizze. Mar dat hold wol yn dat wy wol oan bepaalde Dútske easken foldwaan moasten, oars soene se ús ek moares leare. De allerearste eask wie gjin eksport nei Ingelân. No dat wie foar ús fabryk in ramp. De bûterprizen sakken as in pudding ynelkoar. Oare fabriken makken bûter, mar ek tsiis. Dy koene de klappen sadwaande better opfange en betellen folle mear út as de Kimster fabryk. Se ha noch in pear jier trochwrotten. Mar nei de oarloch slagge it net om de eksport wer op gang te krijen. Yn 1920 foel it doek. Timmer hie lange tiid de kening fan ús doarp west. Mar de slach dy't hy ferwurkje moast fan syn libbenswurk is hy nea wer te boppe kommen. Syn idealen, syn ynset, syn wurk wie foar syn eagen ynstoart. Doe't de hege skoarstien delhelle waard en alle masines út it gebou helle waarden, wie dêrmei in stikje wichtige skiednis, net allinne fan ús doarp, ta in tryst ein kommen.

No, hast hûndert jier letter, beseffe wy pas fan hokker grutte betsjutting dizze Jan Timmer west hat. It begryp koöperaasje hat hy yn dy tiid ta libben brocht.